

Oan de fraksje fan de FNP
t.a.v. dhr. S. Knol

Ljouwert, 22 novimber 2022
Ferstjoerd, **22 NOV. 2022**

Ús merkteken : 02044779
Ôfd/Opjefte : Omjouwingsaken
Opsteld troch : Team Groene Regelgeving / (058) 292 59 25 of wnb@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Beântwurdning skriftlike fragen oer de gefolgen fan de útspraak fan de Ried fan Steat foar de fergunningferliening foar projekten yn Fryslân

Achte hear Knol,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 2 novimber 2022 beântwurdzje wy as neikomt.

Ynlieding:

Hjoed, op 2 novimber 2022 hat de Ried fan Steat útspraak dien yn de saak oer it Porthos-projekt. De konklúzje fan de rjochters is dat de besluten oer it Porthos-projekt net terjochte basearre is op de generike beoardieling fan de boufrijstelling.

Fraach 1:

Wat binne de gefolgen fan de útspraak fan de Ried fan Steat foar de fergunningferliening foar projekten yn Fryslân?

Antwurd fraach 1:

De Rie fan Steat hat konkludearre dat de boufrijstelling stikstof net foldocht oan it Europeeske natuerbeskermingsrjocht, wêrtroch't de boufrijstelling net mear by bouprojekten brûkt wurde mei.

Dat betsjut konkreet dat rinnende projekten mei in boufaze, dy't noch net oer in fêststeande fergunning beskikke en gebrûk meitsje fan de boufrijstelling, krekt as yn de perioade foar de boufrijstelling, (wer) yndividueel hifke wurde moatte sille.

As bou-aktiviteiten ta (in tanimmen fan) stikstofdeposysje liede, dan is dêr in natuerfergunning foar nedich. As dat nedich is kinne dêr mitigearjende maatregels by behelle wurde, lykas de oankeap fan (ekstra) stikstofrjochten (ekstern saldearje).

Mei rju achtginge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, MSc, sekretaris